

Oan 't ein fen fen 'e bûrren
 Der wennet âlde Jan.
 Al mear dan tachtich simmers
 En winters telt de man.
 Mar altyd is er fleurich
 Yet altiïd soun en bliid,
 Sa flink yet en sa feardich
 As yn syn bernetiïd . . .

Mar hwa seit ho lang yet, hwent straks komt de dei,
 Dan mat er it opjaen, — dan rekket er wei.

Bom — bam — bom! . . .
 Nietich minske, tink er om,
 Alden matte, jonge kinne
 't Libben litte. Hwa ûntrinne
 Oan dy swarte dea syn each? . . .

Tink oan Styntsje, sjuch nei Halbe. — Flink yet of krom
 Elts moat ienkear skiede

Bom — bam — bom!

REIN.

It profetyske liet fen Mozes.

Deut. 32.

Bûg, himlen! d'earen del, 'k scill lottre wysheit sprekke
 O ierdryk, hear! ik maei oan Isrels folk ûntdekke
 Ho'n takomst sines is, myn leare sige as rein
 Myn rede as dauwe oer 't fjild fen sinnegloed forslein,
 As drippen op 't gewas, — myn siel, myn sin, myn amme
 Is lofsang for Gods trou en makket great Syn Namme!
 Is Hy ús Rotsstien net, Hwaens wirk trochloftich is?
 Syn wegen binn' triedrjucht, Syn rjuchtsjen is noait mis!
 Rjuchtfirdich is Syn hân yn al Syn wize wirken,
 Yn syn biwâld wirdt macht, ginst út Syn greatens mirken.
 Mar 't kroast fen Adam is bismodze, docht it kwea,
 De sûnde is skande en brân en brânmark op hjars lea!
 Forwoun is 't boaze folk, forwyldre it minskeslachte

Det nei syn God net seach, net op syn Skepper achte!
 O Isrels team! hwêrom sa domdrist op to stean.
 Tsjin God, der hearen Heare en út Syn wei to gean?
 Hwent binn' jimm' noch sa fier ek út jimm' heilsteat sakke
 Hy bliuwt lykwols jimm' God, Dy machtich 't minskdom
 makke.

Tink oan de tiid fen âlds, jow jim yn 't blide alear,
 Jimm' foarfaer Isrel foun syn heil by Isrels Hear,
 Ja, freegje it oan jimm' heit, hwet wûnd'ren Ik forrjuchtte,
 Gean mar by d' âlden nei ho 'k Ik hjars saek bisljuchtte!
 Do 't Alderheechste, dy 't yn 't hege wennet, oan
 De folken d' erve joech, oan Adams team Syn lân
 Socht Hy for Jakobs sied it bouberst', 't rykste en 't bêste
 Dêr skikte Er for de toalf dy 't Isrel woun de rêste.
 Hy feun Syn folk binypt yn 't near woastinesân
 Yn woeste wyldernis, yn 't skroeijend rotselân;
 God seach 't, ûntferme Him, ûntdych 't folk fen syn pleagen,
 Biwarre him rounom as 't ljochtflues fen Syn eagen.
 Allyk in keningsearn syn brede wjuk útslacht
 Syn jongen nimt en draecht as lichtste en djûrste fracht
 Sa dych God mei Syn folk, Hy makke it nuver blide,
 Liet him yn 't Hillich lân op 's ierdryks hichten ride
 Joech him dêr stêd by stêd. Troch hearlike Almacht Gods
 Sich hunich út granyt, dripte oalje en wyn út rots,
 Dêr waerden molke en fet yn Basansmieden skonken,
 Dêr hat er suvre wyn fen d'ealste druven dronken.

Mar Jeschurun waerd fet en foel oan 't kwea ta bú, t,
 Sloech as in stymske guds njûr, stringwreed efterút.
 Hy wie (sa miende er do!) syn Rots net mear fen noaden,
 Hy dych nei eigen winsk, foel del foar frjemde goaden.
 't Hert joech de divel d' ear; syn Skepper, Heit en God,
 Waerd mei det groulik dwaen grouwêlich-tsjoad bispot,
 Mar scoe Jehova den Syn eigene ear forjitte?
 Scoe Hy d' ûntank net sjen, 't kwea sa mar rinne litte?

Sa sprekt de Heare: „Ik kear for jim yn nacht de dei,
 Ik nim jimm' nocht, Ik nim Myn segen by jim wei,
 Hwet mient dit bluistrich folk? de flok seil op hjar fâlde,
 Hwent sy bin troch fardoarn, hjar asem stjonkt nei gâlde!
 Gjûn trouwe is yn dit ras, ta iver ropt my 't kwea,
 Sy krije it sûndelean yn live- en sieleskea.
 Ik wreek Myns eare oan jim-en 'k lit de Heid'nen witte:

Foartoan binn' jim Myn folk, 'k moat Abrams sie forstjitte,
 Sy hunen My op 't fûlst, 't gyng alle parken oer;
 In fjûr, in hetsich fjûr, in alfordylgjend fjûr,
 Slacht lôgjend yn My op, 't baernt oant it djipst der helle,
 Ik raen de berch as waeks, 'k seil 't lân yn flammen stelle,
 'k Smyt op hjars lea it kwea, sy seil to triljen stean,
 't Flêsk slynhjarweifen'tbient', 'k lithjart trochtoarnengean,
 De feale hûnger seil op 't ynbleek antlit lizze,
 Hjars hûd seil 't pimprjend fjûr fen gleone swolmen risse,
 Fen bûten seil it swird de lêste krêft toslaen,
 Fen binnen seil de skrik de lêste moed fordwaen;
 De feinten fâlde del, de fammen gean forlern,
 'k Smyt d' âlden yn 'e dea en oan hjars hân de bern.
 Ik jei hjar op 'e flecht nei 's ierdryks utertste einen
 Forballe fen elts folk ho fier s' ek hinne teinen,
 'k Seil hjar toskroeije yn 't fjûr fen 't Afrikaenske sân,
 'k Lit hjar bifrieze yn 't iis fen 't prykjend Noarderlân.
 Ik God de Heare spriek: 'k Woe alle hope slute
 En hielendal forslaen hjars alderlêste spruten,
 Mar det giet dôchs net op, den spriek de Heiden wis:
 't Is fen ús kreften kaem, det Isrel útroeije is!
 Soks stiek my nei de kroan, det stiel Jehova eare,
 Hwent alles is Myn wirk, 't wiis winken fen de Heare!
 Wé, wé, dy 't dryst My stiet, Myn hân net mient to sjen,
 Him driich 't it selde lot, hy giet yn koart forlern!

O wier Myn folk dôchs wiis, sy scoenen 't swird fornimme,
 Hjars sonden fen hjar dwaen en harkje nei Myn stimme,
 Sy scoenen d' ôffâl merke en op it útein sjen;
 Sy witte it wit ho-goed: dy 't opstiet giet forlern!

Ik scoe in ienich man in tûzentel forjeije?
 Ho scoen' fen winnen twa oer tsienkear tûzen geije?
 Ho scoe der Heid'nen hân út eigen krêft soks dwaen?
 Né, Ik brûk 't Heidendom om Isrel to forslaen!
 Hjars Rotsstien hat hjar oan 'e dea forkoft, forsketten
 Ut âlders erve en hjar yn 's fijâns hân bisletten.
 Ik jow hjar oer, 'k forstiet it folk det My forjit,
 Sy wol net oars, hjars skuld is 't det Ik hjar forlit.

De Heare hat dit dien, nou moat gjin Heiden miene
 Det d' ôfgod krêften jowt, de bylden macht forliene;
 Der Heid'nen Rotsstien is net oan Jehova lyk,

Sy knibblje foar in skyn, hjars herte doarnt yn 't slyk,
 Hja maei hjar skamje, — lit de fijân rjuchter wêze
 Hy moat it ynsjen en syn eigen founis lêze!
 Der is gjin libben, d'r is gjin heil yn gâledrank
 Des Heidnen wynstok is útbotsel fen 'e rank
 Fen Sodoms dalen, dêr 't Gomorra's fjilden kleije,
 Hjars druven bin de pest, ho moai sy pronkje meije,
 Forgif fen njirren is formongen mei hjars wyn
 Der skolpert yn hjars krûk it deadelikst fornyn!
 Is hwet der komme seil net yn Myn rie bisletten?
 Wit ik de naesjes net krekt nei Myn hân to setten?
 Ja 'tleit forseegle yn 'tforhoalen fen myn skat
 De minsken fetsje it net, gjin inkeld minske is God!
 Ek Mines is de wrake oer hwet de Heidnen diene
 Ik sjuch hjars dune hert, 'k wit ho 't hjars tinzen binne,
 Sy wiernen oant in tiid de tuchtsteaf yn Myn hân
 Ik sloech troch hjars geweld 'tsie Jakobs en syn lân,
 Mar ringen komt de tiid det ik hjar 't kwea bitelje
 Hjars foetten strofflje lit en hjar omlegens helje.
 De dei fen 't ûndergean des fijâns is nei by
 Hwent Ik bin God en hiel de wrâld stiet ûnder My.

Sjuch hjir Myn rie: it bart yn 't lêste fen de dagen
 Den seil de Heare yn ginst en wer mei wolbihagen
 Delsjen op 'tâlde folk, strak daget wer it rjucht
 Oer Isrel sa oerswiid, det eltse Heiden 't sjucht!
 Ik wit: hjars krêft is wei, sa binn s' oeral binauwe
 Mar 't seil My oer it folk, Myn folk alear, birouwe,
 Den slacht der Heidnen macht, ûnmachtich tsjin 'e groun,
 Den tinkt de Hear, Syn folk ta heil, oan 't âld forboun,
 Den sprekt de Hege tsjin dy 't Isrel fêl binauden:
 Hwêr bliuw' dy goaden nou, dêr 't jim fêst op bitrouden?
 Nou fynt jim 't near fordjer, nou is jim húnjen dien,
 Hwa scoe jim helpe dwaen? — gjin byld fen hout ef stien!
 Sjuch nou, det Ik Dy bin, Ik lit myn wræk jim smeitsje
 Fiel djip det Ik Dy bin, Dy 't dei en libbend meitsje!
 Ik seil myn greate hân, omstrield fen Majesteit
 Opstekke nei omheech, en sizze: Ik bin yn ivichheit,
 As Ik Myn glinstrjend swird for 't delslaen firdich meitsje
 Den seil de grime dea foarfêst de fijân reitsje,
 Myn skerpe pylken meitsje Ik dronken fen hjars bloed
 Myn haters mean Ik ûel, fortraepje Ik mei Myn foet.

Mar nei de nearste nacht seil 't blierste moarnsljocht striele
 In greate Kening komt, in Losser fen de siele;
 Sjong Heidendom! sjong lûd, 'k nim dy 't My siket oan,
 Ik meits it herte skjin, ho slim fen 't kwea bidoarn:
 Sjong Heidnen mei 't âld folk, det ek nei My wer siket
 Nou better as alear, nou net fen siden wiket,
 Ik sljuchtsje berch en dal, Ik meits jimm wenplak nolk
 Ik seil forsoening dwaen yn rjucht oer lân en folk.

A. WYBENGA.

Psalm LXXXIX.

'k Seil ivich sjonge fen Gods goedens sûnder ein,
 Jou wierheit wirdt troch my oan 't minskdom iepenlein;
 Ik fiel, det al hwet J' yn Jou hearlik heilsplan tochten
 Jy 't ieuwen troch mei krêft nei 'n fêst bistek folbrochten;
 Jou rie seil wis bistan, Jou ginst Jins folk forrykje,
 Jou trouwe skoddet net, sa min de himlen wykje.

„Ik laei”, sa seinen Jy, „op ivich fêste groun
 Mei David yn Myn ginst in sillich trouforboun.
 Him karde ik ivich út om oer Myn folk to weitsjen,
 Him swarde Ik ienmul ta 't folstânnich lok to smeitsjen.
 Jou sied seil op 'e troan, en ek jou sied allinne,
 Hjars glânze sierje Ik op troch alle d' ieuwen hinne.”

Ho'n each mei 't Inglekoar op al Jou wirken ha!
 De himmel tsjûgt Jou lof en bringt Jo gloarje ta,
 't Op ierde hille folk mei fen Jou trouwe witte,
 It moat syn hege lof yn blide sangen jiette,
 It moat syn tank oan Jo for al Jins woldwaen biede,
 Hwent hwa is Jo allyk yn himmel ef op ierde?

God wirdt op 't heechst ûntsoen as Hy to rjuchtsjen stiet.
 Hy sjucht hwet noait in minsk, hwet noait in ingel wit.
 O Hear, der machten God! hwa kin in 't minst Jo lykje?
 Hwa kin 't wirk det Jy dogg' Jo nei to dwaen bisiikje?
 Greatmachtich yn Jou dwaen en hearlik yn Jou wirken
 Wirdt Jou ynfêste trou fen al Jou skepsels mirken.

Jo bynn' de woeste sé — hy harket nei Jou wil,
 Ho slim syn weagen slaen — Jy winke en hy is stil;
 Him haw J' alear forslein, dy 't dryst Jins folk forfolge,
 Des fijans macht, ho great, waerd yn in wink forswolge;
 De himmel is fen Jo, troch Jo bistiet dizze ierde,
 Yn 't wiis bilein hielal sjugg' wy Jins greate dieden.

Jo skoepen 't kâlde Noard en 't waerm bistrielde Súd,
 De Hermon sjongt Jou lof, de Thabor geit it út;
 Jo haw in earm fol macht, hiel 't ierdryk hat det mirken,
 Jou rjuchterhân is sterk, docht jimmer greate wirken,
 Gerjuchtigheid en rjucht binn pylders fen Jou troane
 Yn wierheit en mei ginst woll J' ús Jins antlit toane.

Loksillich is it folk det J' oan Jins klangen ken
 Fol-op mei 's op hjars wei 't ljocht fen Jins antlit sjen,
 Sy scill' de gânske dei forheugd wêze yn Jou Namme,
 Jou goedens kroanet hjar, Jins Wird lit noait biskamme,
 Sy scill' noait om 'e nocht om Jou bihoedzjen freegje,
 Mar Jou gerjuchtigheid scil hjar nei 't Wird forheegje.

Greatmachtich God, Jo binne ús krêft, ús sterkte en rom,
 Jo binne ús hearlikheit en weitsje oer ús rounom.
 Ryk is Jins frije ginst, troch 't Godlik wolbihagen
 't Is ús op ierde gind de holle omheech to dragen,
 Us skild is fen de Hear, wy wurde net forkrongen
 Wy hawwe ús Kening fen de Heilge God ûntfongen.

Jo haw Jou boade alear de takomst iepenlein
 En fen Jou heil'ge feint syn wei en wirkjen sein:
 „D'r is by in greate helt de helpe to bikommen,
 Ik haw in dapp'ren-ien fen by syn broerren nommen, —
 'k Ha David jown oer 't folk, — it is mei him to noedzjen,
 En mei myn salve boun om oer myn skiep te hoedzjen.

„Myn hân is fêst mei him, scil him ik winnen dwaen,
 Myn earm scil jimmeroan syn earrens sterkens jaen,
 De fijan scil him net yn djipte en lijen bringe,
 De boazen kinn' him noait syn hearlikens ûntwringe,
 Al woll' skarlunen ek him yn forneedring drokke;
 Dy oanslach scil de soan fen 't ûnrjucht noait net lokke.

„Ik scil de woestling, dy 't tsjin him yn 't harnas teach,

Forbûkje mei Myn swird, fordwaen mei pleach nei pleach,
 Myn trou bliuwt him binest, myn goedens scil him liede,
 Syn namme scil fol rom útklinke oant ein fen d' ierde;
 Ik wit syn hearskersmacht nei 't fierste strân to fieren,
 Syn hân giet oer 'e sé, syn rjuchter oer riwieren.

„Ik bin him ta in Rots, ik jow him 't hearlikst lot,
 Hy maei my neame as Heit, syn heil is yn syn God;
 Syn broerren scille oan him as d' earste d' eare biede,
 Syn swiid biwâld rikt oer de Keningen fen d' ierde;
 Hy maei yn iv'gens oan in fêste loksteat leauwe,
 Myn ienmul lein forboun scil him bistendich bliuwe.

„Ik bied syn sied Myn ginst, Myn each giet oer syn soan,
 Salang de himmel d'r is, salang bliuwt Davids troan;
 Mar as syn bern oerdwealsk Myn suvre wet forlitte
 Net nei Myn rjuchten dogge en Myn bifel forjitte
 As hja ûnthilligjend hjar fen Myn wei ûntwine:
 Den kinne sy d'r op oan, den scil Myn straf hjar fine.

„Ik scil hjar kwea bistan, mei swiere pleagen slaen,
 Myn roede giselt hjar, 'k scil lean nei wirken jaen,
 Mar lykwols scil 'k Myn ginst net gânsklik him ûntnimme,
 Myn trouwens bliuwt him by, Myn grime scil 'k bidimme,
 Ik bliuw by hwet Ik sei, yn Myn forboun bisprisen
 Hwet oer Myn lippen gyng bliuwt ivich ûnforbritsen.

„'k Haw neat oan David sein, hwet 'k net útflere wol,
 Ik swarde by Mysels en 'k meits Myn goeddwaen fol:
 Syn sied scil ivichlik oan macht en oansjen winne,
 Syn troan blikt sierlyk lyk de strielen fen de sinne
 Is dreech, de moanne by; — hy maei Myn wird fortrouwe,
 Op 's Himmels Tsjûge kin hy oan, 't scil noait My rouwe.

Mar, God! hwer bliuwt Jou trou? ho tsjuster is ús paed!
 Wy binn' forspuid, wy binn' forwirpen en forstaet,
 Jo smyt yn grime ús wei en dy 't Jo salven, sakke,
 Syn kroan leit tsjin 'e groun, syn hûs is stienbult makke,
 Syn sterke mûrren binn' fen 's fyans macht forbritsen,
 Syn festingen binn' wei, syn hekken binn' trochstitsen.

Elk slacht en ploaitst him nou en graeit: hwêr is syn God?
 Syn bûrljue stekke him mei húnjen, smaed en spot,

De fijân sjongt it út; Jou ginstling sit yn 't lege,
 's Wearstânners rjuchterhân is ta syn skrik forhege,
 Syn swird leit om, is stomp, en baet him neat yn 't striden,
 Hy fluchtet út it fjild, hy stroffelt nou al tiden.

Syn glânze is fen him ôf, syn kreazens is forgien,
 Syn troan is wei yn 't slyk, syn hearkippij hat dien;
 Syn jeugd forkwoun yn leed elk kin him narje en tergje;
 Ho lang, o trouwe God! scil Jy Jins ginst forbergje?
 Moatt' wy ús ivichlik om 't djip forfâllen skamje?
 Scil as in lôgjend fjûr Jou lilken jimmer flamje?

Bitink o Hear! ho swak ik bin, ho koart fen dûr,
 It libben is in wink, it komt en 't is wer oer;
 Hat om 'e nocht de mins den hjir syn plak ynnommen?
 Hwa kin der hwet oan dwaen om fen de dea t' ûntkommen?
 Hwa redt syn siel fen 't grêf? hwêrom oer ús sa'n rouwe?
 Hwêr is Jou foarge ginst, d'oan David swarde trouwe?

Tink Hear, tink om de smaed, dy 't âlde ginstfolk lit
 Hwêrom myn stitsen each sa mann'ge trien forjiet,
 De smaed hwermei o Hear, ús haters ús oerlaedzje,
 Dêr 't sy de foetleat mei fen dy Jou salven smaedzje;
 Ik bring Jo ivich lof, al maei 'k yn 't lijen lizze,
 Us tank oan God! elk moat dêrop syn Amen sizze.

A. WYBENGA.

U s d o a r p k e Y e s t e r g e a.

II.

Us âlde dominy scil net gau forgotten wurde. 't Wier in
 man mei sa'n ynlik geloofslibben det men wol ris tocht:
 hwerom bin ik ek net sa ienfâldich. Woe hy it de min-
 sken ris tige dúdlik meitsje, ho 't God it mei ús foar hat,
 dan sei er: „As jimme mar each krije yn 'e ljeafde fen
 ús heit, dan sjogge jimme de koarde ek wol, dy 't fen 'e
 himmel ôfleit nei de ierde ta, mar jimme wolle faken net
 genôch bûge om it ein fen 'e koarde to fetsjen. Det ein
 hinget o sa leech, det dy 't lytste is der it bêste by komme
 kin. As jimme dy koarde gripe kinne, dan is it woun,

graesje fen God, mar yn Hollân bin ik kening by de graesje fen it folk.' Dat moat syn Oranje-hert goed dien hawwe. En ho great moat it him west hawwe, dat de Prins fen Oranje letter by him yn hûs kaem! Dat syn âlde mem de eagen fol triennen krige en dat it hjar haest to folle wier, kin men forstean.

En hwet nou it uterlike fen it boek oangiet, it sjocht er mar tige kreas út en Osinga to Snits, dy 't it printe hat, kin er wol mei foar 't ljocht komme Dat yn it boek sels hjir en der wol eris hwet to forbetterjen is, kin elts wol bigripe. Er moat ek hwet oan mankeare Sa stiet op de grêfstien fen Jan Piers Eringa to Iens net yn it fêrske fen Dr. Fokke fen Mantgum: „Hij is in God verblijd geweest”, mar wol: „Hij is in God verblijd *gerust*”. Oars rymt it ek net.

Yn it „register fen nammen” wirdt gjin onderskie makke twisken Dirk Jakobs Noordmans (to Deinum en letter to Tsjerkwerd mar net to Allingewier) en syn omkesizzer to Skernegoutum, Dirk Piers Noordmans. Beide wirde yn it boek neamd, mar yn it register fynt men mar ien.

Myn stikje scoe lykwols to laug wirde as ik noch mear praette en derom hâld ik op en rop de Friezen ta: „Keapje nou dit boek fen Dr. Wumkes, dy 't jimme hjirmei, nei myn sin, in greate tsjinst dien hat en lêz it mei nocht en wille lyk as ik it dien haw!”

J. VAN DONIA

Ljeafde-útring,

nei A. de Vlieger: *Liefde tot Jezus*,
No. 25 út it Lieteboek „Excelsior”.

Myn Jezus, ik ha Jo ljeaf,
Jo binn' myn Hear en Lieder,
Jo nimm' my by de hân;
Nou wit ik fen gjin noed,
Nou gean ik moedich fierder
Op 't paed nei 't Heitelân.

Myn Jezus, 'k ha Jo ljeaf,
Jo hearre aloan myn beden
Dy 'k delliz foar jou troan.
Hert, hwêrom klagest den?
Yn d' alderslimste neden
Kin 'k op Syn helpen oan.

Myn Jezus, 'k ha Jo ljeaf,
Ut frije ginst allinne
Bin 'k 't ivich libben ryk;
Jou stjerren koe de dea,
De Kweade en 't kwea oerwinne:
By Jo is ús ûntwyk.

Hear Jezus, 'k ha Jo ljeaf,
Ja 'k ha Jo ljeaf,
Formeardrje my dy flamme,
Trochsúvrje myn gemoed;
Hâld me as ik stroffljje mocht
Dôchs mei Jins ginst omklamme,
Forsoen it mei Jou bloed,
Forsoen it mei Jou bloed.

A. WYBENGA.

Psalm LXXXIV.

Ho ljeaflik is Jins wente, o Hear!
Myn siel sjucht út om altyd mear
Dêr Jo, mei fromme sinnen t' earjen;
De langstme baernt me yn 'tlongrjend moed,
't Is my yn 's Hearen foarhóf goed
Oan elk Syn ginsten to forklearjen,
't Hert ropt it út, fynt oars gjin bôd
As by de libbenjaende God.

Sels fynt de mosk in hûs ta rêst,
It swealtsje bouwt hjar kinstich nêst
In noflik wenplak for hjar jongen,
By d' alters fen ús greate God

Dy 't giet oer aller skepslen lot,
Myn Kening, noait genôch bisongen :
't Is yn Jou hûs yen wûnd're skoan
Dêr priizget men Jins Namme aloan.

Hy is syn lok- en heilsteat wis
Hwaens sterktme yn Jo, syn Skepper is
Him scil nin doarn op 't reispæd kwelle,
God hoedet hjar for ûngefal,
Yn 't gleonbistrielde moerbeidal
Is God hjar ta in skaed en welle
Is sims hjar kreft toskroeid to'n ein
Den sterket hjar in mylde rein.

Hja gean hjar wei mei moed yn 't hert
Hjar krêft wint oan, sy eangje net
Dré mei s' op Sions berch forskine ;
O Hear Dy 't wit, al hwet my met
Der machten God, forhear 't gebet
En warje my for leed en pine
Wêz' altyd oan 'e side my
O Jakobs Hoeder, stean my by !

O God, ús skild, ús ien en al
Bihoedzje for elk ûngefal
Jou salfde, dy 't Jo jimmer tsjinne,
Hwent ien dei yn Jou hûs o Hear!
To tankjen, is my folle mear
As tûzen, as J' omfierrens binne ;
'k Bin better by Jins doar to plak
Den ûnder der godleazen dak.

Hwent God is for Syn tsjinders rij
Hy is ús sinne en stiet ús by,
Genade scil Er jaen en eare
Oan him, dy 't wânnelt nei Syn wet ;
En 't goede ûnthâldt Er hjarren net
Dy 't yn oprjuchtens ta Him keare.
Loksillich, dy 't Jo d' eare jowt
Jo priizget en op Jo fortout.

A. WYBENGA.

By 't âlde beamke.

Wy kloddren togearre yn 't lyts beamke ;
Wy boartten sa noflik, wy bern ;
Hwet koenen wy seis foet omhegens.
Gesichten it ierdryk oersjen

Den loerden wy djip yn d' âld sleat del,
It reit joech sa wynjende mei,
De hintsjes pitsjantlen de finne oer
En fierder — dêr hien' jy de wei.

Wy roeiken togearre yn 't lyts beamke,
Dêr yn ús âld singel by 't paed ;
Wy brûkten it stamke as mansael goed,
Mar heger wie 't eigendom skaet.

It heechste hie Wytse ta part nomd,
Det roun yn twa sydeinen út,
Det hjitte 't lyts mantsje syn preekstoel,
En minsken ! hwet preke de gût.

En mines wie 'n sydtûk mei 'n strampel,
Dêr hong ik sa moai oer it wiet,
'k Wie wûndere wiis mei myn earmstoel,
En minsken ! ho greatsk ik dêr siet.

't Lyts beamke stiet yet yn d' âld singel,
En 't sleatgud, de finne en de wei
Binn' krekt as yn 't foarge.... né, dochs net,
It liket der suver net nei !

De bern en hjar tinzen binn' great wirn',
Sa great, sa oerribele wiis ;
De wrâld jowt him nou sa'n bult oars oan,
En wy binn' hwet mânsk, 't is in griis !

De tiden binne oars, ek de minsken,
Frjeon Wytse is myn spylfeint net bleaun :
Us tinzen rinne elk eigen kant út,
Dochs tink ik yet faek oan myn frjeon !

En pûst ik sims efter de kroade
 Ris út op it singelske paed
 Den lústert my 't beamke oer 't forline
 Oer wegen, earst by 'noar, nou skaet.

Den lústert my 't beamke fen skoalbern
 Bliermoedich, sa froalik en blij,
 Den glydt yn myn herte de nocht wer
 Fen dertene jeugd-poësj.

'k Moat fierder, de rêst is mar koart west
 En 't jounskoft yet fier fen neiby!
 Der is net in preekstoel for Wytse
 Gjin rêst yn in earmstoel for my.

A. WYBENGA.

Takomm' Maeije!

Ja takomm' Maeije, fanke!
 Den 's det getoffel dien,
 Gean 'k noait wer by myn blom wei,
 Binn' wy yn alles ien.
 't Binn' nou mar koarte setsjes
 Det 'k by myn ljeafste bin
 En út hjar minlike eagen
 Hjar minne oanskôgje kin.

Mar dan! o 'k tel de dagen
 Us skiedend fen dy dei,
 Den riist de sinne oan 't blauwe,
 Den bist my altyd nei,
 Kom ik den jouns fen 't lân ôf
 Ik hear myn skatte liet!
 De rêst, it wiif op side
 Wirdt grif oerrible swiet.

O fanke, hwet forgapje
 Ik my al op dy tiid, —
 'k Wie do 'k dyn jawird krige
 Earst al sa wûndre bliid

Mar nou is 't net genôch mear
 Dat ik in fanke ha,
 Hwent nou, hwet ien is, skiedt wer
 En bern, det fâlt net ta!

Hear 'k moarns it ljurkje omhêgens
 Den ljuentet my hjar sang:
 Mei gauwens kinst' in wyfke
 Ris aeikje oer 't proezich wang! —
 De blomkes út 'e finne
 Meitsje ek my 't hert sa rom,
 Hja glimkje: o wy witte
 For dy sa'n moaije blom!

En 't boartlik wyntsje weaget:
 „Ik kom by Fetsje wei,
 Hja tinkt al oan hjar troudei
 En winsket dy goe'ndei!"
 En 't jonge sprûtsel knoppet,
 En 't kliuwt oer 't grienjend lân:
 De simmer stiet forhânnen,
 Dyn moaiste tiid komt oan.

Ja takomm' Maeije, fanke!
 Den komt de goudne dei
 Den wirde wy foriene;
 'k Hoech noait wer by dy wei!

FETSE GREIDEMA.

Net fen ússels.

Maei de wrâld mei syn troaijende, flaeijende skyn
 Fiersto faek yet myn sinnen forbjustrje
 Dôchs is 't nacht for myn moed, 'k fyn gjin wille der yn
 Al hjar skynsels moat linken fortsjustrje!

Mar de sûnde is biwoartle, is bigroeid yn myn hert
 En hja lûkt, en hja triuwt nei 't fordjerren,
 Is it wollen ek goed, hwet ik wol, doch ik net,
 'k Fiel fen 't kweade faek 't goede bistjerren!

't Minskelibben is earem oan wier-werklik nocht
 En de siel kin sa longerjend roppe ;
 Mar hwet lok, d'r is in God, Dy ús wrakseljen sjocht
 D'r is in Heit yn 'e himmel hjirboppe.

D'r is in wei for ús iepen, in wei fen bihâld
 As w' yn Jezus, ús Utrêdder leauwe
 Hy, Dy 't stoar oan it krús, droech it kwea fen 'e wrâld,
 Yn Syn dea scil it libben ús bleauwe.

D'r is in God, Dy Syn tsjinders Syn sillichheit jowt
 En Syn macht scil de skaeden oerwinne,
 Oan 'e kimen riizt blierkjend in wasem fen goud,
 Oan 'e himel riist ljochtsjend de sinne.

Leit dit stof yn it grêf, den is 't lijen forlyn,
 Kin gjin wê yen mear driigjend biroppe,
 De forlose giet sjongende d'ivichheit yn
 By it ljocht fen de himmel hjirboppe.

A. WYBENGA.

De Stoarm.

De stoarmwyn bilet ûnbidaerlik
 En boldert lûd oer sé en lân.
 Hy jaget wyld, oerdwealsk en bjuster
 De weagen op nei dyk en strân.

De bannen los sa strûst er fjirder,
 In mounle hjir, in skoarstien der
 Moat bûgje foar syn iz'ren roede ;
 Hy skoddet hûzen hinn' en wer.

De iken mei hjar sterke stammen,
 Hja bûgje djip hjar hege krún
 En blomkes mei hjar teare stâltsjes
 Lizze tobritsen tsjin 'e tún.

Hwa bûgt net, mei eatmoed, for de kreft der Natuer
 Syn holle as de iken omleech ?

mei ús sribjen. It moat by ús gjin ljeafhabberijspiltsje wêze, gjin boartsjen, gjin sportfriezendom, né, mar drege striders moatte wy wêze, dy 't mei gjin twingen ef gjin lûken fen it paed binne to troaijen. Sa sjugge jimme frjeonen, det dêr folle, folle mear dien wirde kin as er nou dien wirdt. Yet in wirdtsje. Men moat my goed forstean. Myn skriuwen bidoelt net om it haedbistjûr ef oare ljue in stikel to stekken. Hielendal net. Ek meitsje ik fen it ien en oar net in foarstel. Mar, lyk as elke wiere ljeafde ûntstiet yn it herte, opwaechset nei de holle, om dan dêryn omset to wurden yn dieden, sa is ek myn skriuwen oars neat as in died dy-'t foartkomt út suvere ljeafde for ús âlde sprake, dy 't nei myn tinken, al fjirder en fjirder sinkt. Myn miening is: as dêr mear ljeafde by in hopen fen ús selskipsleden wie as dêr nou is, folle gyng oars en better as it nou giet. O, mocht, lyk as yn dizze Maitiid alles opnij him wer ûntjowt, troch sinnewaermte en -gloede it jonge libben alles opnij wer trochbrûst, ek ús taelbiweging sa opnij wer in blide takomst tomiette tsjen, fol fen waermte en groede, fol fen ljeafdeljocht en sinneskyn! En det alles binammen troch it opweitsjen fen it jonge Fryslân. Mocht it by ús mar wêze lyk as Salverda it seit:

Yn Heit'lâns tael

Leit krêft en prael!

Hwaem God in hert joech for dy tael,

Mei âffears bloed yn neiteams ieren

Det weacht en brûst for 't Heitelân:

Dy scil det erf fen tûz'nen jierren

Biwarje hoask as 'n heilich pân.

BRITSUM, 15—3—1912.

M. S. E. VISSER.

Simsonne útein.

Dêr leit er yn 't ûnhurich gat

Tofke fen 'e smert,

De helt, foarhinne great en sterk,

En nou in stobbe lyk.

Dêr kwynt er wei yn neare nacht,
Yn tsjuster det noait wykt,
Noait sjucht er 't gouden moarnljocht en
De bergen Israels wer.

Mar tsjienris tsjusterder as roet
Is 't binnen yn syn hert,
Is him sa eang, sa wémoedfol,
In wylde lijenssé.

Hy snokkert om syn heislik lot,
En 't walget yn him op:
Det njirrebrod, det 'k jimmer stie
Do 'k sterk wie, hat my nou.

Alear, o 'k die do hwet ik woe,
'k Sloech eltse fijân del
Ik sjoude Gaza's doarren wei
'k Briek 't aldersterkste tou.

Né, 'k maei net ynjaen me yn dy dei
Do 't ik foar 't earst hjar seach,
Hja wie in Filistynske, hja
Bigûchle my alhiel.

„Forklearje my” o leidich kaem 't
De ljeave lipkes út,
En 't eachje blonk my loddrich tsjin,
„Hwêr leit jou sterkens yn?”

Ik skoarre yn 't earst tsjin 't andert oan,
'k Forryfle faken hjar;
Hja toarnde en parse my sa lang
Det ik myn hert hjar sei.

„Honear men my myn lokken snijt
Bin ik as ider minsk,”
En op hjar skirte waard ik skeard:
God naem de krêft my ôf.

De Filistinen wierne oer my
En bounen me as in laem,
Hja stieken my myn eagen út
En 'k wie mysels net mear.

O yslik waard myn neare nacht!
Mar dych dy pine ek sear
Mear as it ljocht fen d'eagen mis
Ik 't ljocht fen God omheech.

Hwet bin ik al tiden yn hjar macht!
Ho krûpe d'ûren om!
Is God sa hird? né stil myn siel,
Ik dych mysels myn leed! —

Ja wier, hy suchtet hjir al lang
Yn boeijems, tsjûk en swier;
Mar ek is yn dy lange rêk
Syn hier wer woetsen, gânsk.

En yn syn ieren trillet sims
In fonk fen d'âlde krêft,
It is in ljochtstriel fen syn God,
De dage nei de nacht.

O, as! . . . mar né, hy tinkt net mear
Scoe hy, de knotte beam
Nij útsprûte en wer wûnders dwaen?
Dêr is 't to fier fen ôf!

Dêr krast wer 't hirde wird troch 't hûs:
„Oerein! 't is tiid, oan 't wirk!
't Giet op in dromen, meits dôchs oan!”
— Simsonne drôge is wei!

Men skoert him foart, men triuwt him oan,
Hy mealt de mounle wer,
En trillet ek syn herte oerstjûr
Syn haters merke it net!

*
* *

In freugdesang, in jubelliet
Giet oer it hiele lân,
't Rûz't jûchjend troch fen stêd oant stêd
't Bruz't weagjend oer it strân:

„De Filistyn is fier de baes
Oer 't delbûke Israël
Dy frjemde ynwrotters binne nou
Der glêd forslein by del.

„God Dagon hat dit wûnder dien
En oan syn tsjinders tocht!
Hy weitse oer ús, mei 'n blide geast
Oan him nou d' eare brocht!”

De greate dei brekt oan, dy 't elk
Fen freugde opspringen docht,
It bloed fen d' offers stroomt troch 't rom,
't Folk balt it út fen nocht.

Al d' oersten mei de foarsten binn'
Yn Dagon's hûs by'nien,
Yn d' alderwyldste sangen wirdt
D' oerdwealskens útring dien:

„Jûch reuzesoannen, Dagon ta!
Hy joech ús macht en ear,
Wy binne great, wy bliuwe great,
Gjin fijân twingt ús mear!

Wy wierne liep en Simson foel
En Isrel is forslein.
Krûpt yn der bergen hoalen wei
Syn krêften binn' to'nein!”

't Folk dounset dronken foar syn God,
Ropt: Simson moat der by!
Wy woll' de bline mealder sjen!
't Jowt wille en nocht op nij.

Dêr bringe sy de finzene yn,
Men liedt him by de hân,
En nimmen ûnder al dit folk
Sjucht him meilijend oan;

Elk spot mei d' earme sa 't er wol,
Hy kin net ien werstean,
Mar einlings suchtet er: „och lit
My nei de pylders gean!”

Dêr stiet er den, ho siedt him 't bloed;
Troch eigen skuld omleech
Sa tinkt er, mar ek stjûrt syn hert
In bea ta God omheech.

„O sterke Heare, tink oan my,
Tink oan myn kwea net mear,
Ho sûndich ek ik faken dych
Help my dizze iene kear.

Jow my, det ik hjir mei ien rok
De fijân delslaen mei,
Jow 't njirrebrôd in iv'ge smaed
Jins folk in iv'ge dei!”

Nou saeit yn him dy wûndre krêft,
Hy 's helt, hy 's d' âlde wer,
En gjalpt: „myn hân bringt my de dea,
Mar ek jimm' allegear!”

Hy grypt de beide pylders oan
Dêr 't hiele hûs op rêst,
Hy dûkt him, set him skoar,... ien slach!...
De timpel hat er west.

Ien needgjalp en de tûz'nen ha
D' ein fen hjar húnjen foun,
Mids ûnder pûn en grûs; in sé
Fen bloed stroomt oer 'e groun

Sa reage Simson yn syn dea
De Filistinen del,
Gods haters krigen 't lijen thús,
't Lok riizde oer Israel.

A. M. WYBENGA.

Kinstkenners.

Ruerd stie bikend as 'n skilder nûmer ien,
„Syn wirk is hege kinst!” sa rôp men algemien,
En as er hûzen, beammen, kij ef hynsers makke
Ef 'n jountiid, as de sinne yn 't westen sakke,
't Wie likefolle, as 'r mar in printsje klear hie,

fen de wike, forskynde hy earst oan Maria Magdalena, út hwa hy saun divels balle hie.

10 Dizze hinnegeande kindige it oan de manljue, dy mei him wêst hienen, en nou truren en skriemden.

11 En as dy hearden det hy libbe en fen hjar sjoen wier, leauden hja it net.

12 Hjernei den is hy mei in oar oansjen iepenbierre oan twa fen hjarren, as hja wânnelen en it fjild yngyn-gen.

13 En d'zzen foartgeande kindigen it oan hwa der fierders wieren, doch hja leauden dy likemin.

14 Letter, as hja oansieten, is hy oan de âlve iepenbierre, en hy forwiet hjarren de ûnleauwigens en hirdhertigens, det hja net hjarren leauden, dy 't him sjoen hienen neidet er opstien wier.

15 En hy sei hjarren: Geane hinne yn de hiele wrâld, forkindigje it evangeelje oan alle skepselen.

16 Dy leaud hat en dope is scil bihâlden wurde, mar dy net leaud hat scil foroardiele wurde.

17 Hjarren dy leauwe scille dizze teikens mei wêze: Yn myn namme scille hja divels útbalje; mei nije tongen scille hja sprekke;

18 Slangen scille hja opnimme; ek as hja hwet deadliks drinke, scil it hjarren alhiel net skeadzje; op siken scille hja de hânnen lizze, en hja scille soun wurde.

19 De Heare den, neidet hy ta hjar spritsen hie, waerd opnommen yn de himel en is sittende oan Gods rjuchterside.

20 Hja nou útgeande forkindigen oeral, en de Heare wrocht mei, en bifêstige it wird troch de teikens dy 't folgen. AMEN.

Yn 't meanlân.

It is in bliere simmermoarntiid. Oer de fjilden hat de dauwe syn wûnderkleed weve, en op elke gêsraci, en op elke simmerblom gearje drippen fen it eale suvere focht, det strak as de sinne der oer skynt, glinsterje scil sa ynmoai as de blinkendste juwielen. 't Is stil om yen hinne. Gjûn wyntsje, gjûn fûgelsangkje, neat . . .

Sjoch, dêr oer Plaksum wirt de loft al reader en ljochtrielfjender, rjuchte en skeane streken wize it plak oan dêr de ljochtdraegster towekker wirde scil. Hen, dêr krekt bisiden it Plaksumer tsjerkje troch, komt hja boppe de griene greiden útdriuwen. In sé fen goud weaget fier oer 't fjild en de sinnestrielen boartsje en laitsje al fierder en sterker oer de dauwige ierde. De inkelde moarnwolkems siikje rêst oan de kimen, driuwkeljend op de amme fen it simmersiichje. En de ljurkjes út 'e slomme oproppen, stiigje jubeljend nei 't helderblauwe himelfjild.

De kouvelkers traepje mei jûk en amers op hjar bisten oan, dy 't hjar al baltend tomielte komme, en ek de mieren binne al op de lappen. Op 'e wei nei Sinnegea waddet in man dy in sek, heal opfolle, op 'e rêch sjouwt en yn 'e hân in koffjetsjettel by him delhingje lit. Mar al stiet Natuer om him hinne ek yn 'e mei blommen trochfrissele breidsklean, al weaget it sinneljocht ek oer syn holle, dy swide moaijens hat nin fet op him, en jowt him net in tanksizzing yn 't herte oan Him, Dy 't alles sa ynkreas opsiere. Hy rint mei de holle foardel, sa 't liket yn djippe prakkesaesjes bitize. It is him oan to sjen, det al is er om en by de fiif-en-tritich jier, hy dochs syn bêste dagen al hawn hat.

Towylst Hotse dêr sa hinne pandert tinkt er nei oer syn libbenswei, hwet him der op mette, en ho 't syn dagen meastal sûr, o sa sûr wierne. Hy tinkt oan syn Tsjamke, nou net mear sa'n mûtel frouminske lyk yn hjar fammetiid, mar bienbitrich, mei holle eagen en in ynfâllene troanje. En hy tinkt oan syn trije berntsjes. Moatte dy meikoarten ek it selde paedtsje lâns as hy? Moatte dy ljeave lytse herten detselde jok sjouwe fen bodzjen en skrippen fen moarnsier oant jouns let en den yet mar skraech genôch om hwet yn en om 't liif to krijen?

Né, hy sjucht neat fen it moaije om him hinne, hy is stomp for simmerpronk en ljurkjewille, it neare, it swiere fen 't wirk, dêr 't hy nou wer sa bynei bykommen is, hâldt him alhielendal yn bislach.

Dêr stapt er om 'e daem en bisjucht suchtsjende it mêtsje det hy der jister ôffikele hat, en ho jerne hy it sa hawwe wol, hy kin net sizze det det hoekje in pounsmiet great is, it hâldt skjîn mei trije fean op.

Nou hellet er de seine ûnder 't swé wei. Mar as in âld-mier dy seine sjucht moat er sizze: „nou jonge, det

sjucht der raer út'', hwent hjir en dêr sit der in greate takke oan en der twiskenyn is er sa stomp as in boerd. As er fiiftjin slaggen dien hat, moat er al strike en sjucht men det der in ljochte wite tried op 'e sneed lâns rint, teiken fen stompens. Efkes helpt it striken, om 'e fyftjin, tweintich slaggen is 't mar wer glêd mis. En de seine wirt hwet langer hwet tsjûker en de man wrakselt hwet langer hwet mear en it swit stroomt hwet langer hwet fûlder.

Hymjend stiet er efkes stil. „Hwet is 't hwet, hwet is 't hwet'', suchtet er, „mar ik moat, ik moat, wiif en bernstjes moatte oan 'e kost, en dy âlde skulden!'' en wer wirt de seine troch 't gêrs litsen, en wer stroomt it swit en wer fielt Hotse ho pynlik him syn rjuchterside en -earm dogge. Pof! der hellet er healwiis troch in âld mollebult det de kluten rattelje.

Mei 't er in foech pear ûren meand hat, is der insliks giin raei mear ôf to skoerren. „Ik moat marris wer by 't spit sjen!'' en mismoodich waddet hy op syn skûl ta.

Dêr sit er. Mar ho 't er syn bêst ek mient to dwaen, de rjuchte slach wol mar net komme. Grimmitich keilet er mei de punt fen de hammerstek op syn ark en — de âlde ûren oppenearje hjar wer.

Einlings, mei 't hy der langer as in heal ûre sitten hat, wirt de seine oan kant lein, yette stomp, mar fensels, hy hat der wer ris op lâns west. Yn 'e gauwichheit wirt der in baltsje bihimmele en sa, yet mei in heal baltsje yn 'e han trapet en wer op it swé ta, der hy niis op 'e helte útroun is.

Wer twa ûren meane en wer trije ketier harje. En wilens riist de sinne al heger en heger. Plaksum hat hja allang forlitten, sy strielet nou rjucht boppe Bonnegea; de fochte fen 'e dauwe op 'e blêdden en sprûtsjes dellein, is sâmar weiraend foar hjar gloed.

It rint tsjin tsjienen. Hjir is 't. Nin sigentsje komt yen bineist. It sinnefjûr lôget al mear en mear op. Moellik by himselme smyt de mier syn ris der del, der is mei fetsoen neat mear ôf to krijen, hy gêrsket det it hwet ôfdocht, binammen by it ynsetten.

Dêr komt boer Piter Lolles oanstappen mei de pols op 't skouder.

„Soa Hotse'', seit er sonder kompementen, „wy haw dy fjouwer jister keard, dyst' der forline wike yn fiif

dagen ôfskrabbe haste, mar hwet hiest dêr heislik swêbalke, hiele pôllen binne dêr stean bleaun. En hwet sjuch ik hjir, bigjinst nou ek al to gêrskjen? 't Skilt my de helte net ef ik jei dy ta it lân út!"

„Och boer", is Hotze biskie, „de groun is hjir ek sa ûnsljucht, en det it mids op 'e dei net al to bêst wol, is wol mear sa, de sinne skynt to folle!"

„Soa, skynt de sinne tofolle? by my net, ik hoopje det wy mar hwet heawaer krije, mar ik hoopje ek dêst' it hjir hwet better ûnder 't swê makkeste as yn 'e fjouwer, it is my dêr lang net nei 't sin!" en meiens skopt de boer ris ûnder in pear swêen, hwêrûnder lokkich neat to sjen is.

„Nou dit skilt de helte net, mar tink der foartoan om hear, oars lit ik it der mei de mesjine ôfjeije," en boer Piter stapt wer ôf, yn 'e rêch lynjend en permantich en Hotse giet nei de skûl om to iten, slûchwei en stroffeljend.

Hotse nimt de hânnen gear, mar och, fen 't bidden komt in bidroefd bytsje tolânne. De wurden fen 'e boer spylje him tofolle troch de holle. Hy wit wol det it meanen him net hândigje wol, mar hy koe der oars sa'n moaije stûr mei fortsjinje, dêr koe wer in inkeld gat mei stoppe wirde, en hwet winterturf for oplein. Ja om 't wirk sels woe er wol ophâlde, ljeaver hjoed as moarn, mar de sinten, de sinten. Sa'n foech ryksdaelder fen 't pounsmiet is oars sa moai.

Alven-toalven stiet Hotse wer efter de seine, mar it is hielendal net better wurden. Hjir stiet nou ek krekt sa'n bytsje gêrs, de sinne baernt op de groun del, de wjirm-wrotsjes binne sa hîrd as bonken en de raeikes slop fen 'e hjittens. De seine snijt net mear, mar Hotse wraemt troch, it kin him neat mear skille, al scil hy it der mei de hûd ôfskoerre, der moat hjoed in pounsmiet ôf, det moat. Mar bisjucht er den it hoekje, det der nou leit, den twifelt hy dochs wer, det er it safier bringe kin.

Sa wirdt it njonkelytsen twa ûre. Lökkich der skout in wolkem foar de sinne, en it tongert ek al yn 'e fierte. In ketierke letter sjucht de mîer, det de boi om him hinne draeit, al falle der ek in pear dripkjes, de groun bliuwt like hîrd, mar dochs binne de gêrskes in bytsje oplibbe, it snijt hwet better. Hy hat niis-krektsa yetris wer harre, en 't wie werklik, eft det ek wol sa goed slagge, der wie net folle mear fen 'e wite tried to sjen.

Dêr komt Tsjamke oankuijerjen, mei lytse Willemke yn 'e wein en Germ, in jongkje fen bynei fiif jier, oan 'e side. Hja nimt in tsjetteltsjefol waerne kofje mei, hwent hja wit, hjar man krijet oars yn sa'n hiele dei neat nin drinken as det er moarns meinimt; en jisterjoun hie hy sa oer toarst klage en it is hjoed yette brandiger. It is oars for Tsjamke in hiele reis nei 't meanlân ta, bynei trije ketier fen hûs, hja is de swakke kant neist, hjar bleke wangen en holsteande eagen dogge der dúdliker-nôch útwizing fen, mar hja kin 't dôchs net oer hjar hart krije, det Hotse alhiel fortoarstje scil.

„Dei Hotse, wel ho is 't en ho wol 't?" sa bigjint hja al fen fierrens, wylst lytse Germ op in hountsjedrafke op heit ta hipket.

„Min, och sa tige min!" is 't andert, „'t is hjoed hast net to dwaen."

„Hê jonge," seit Tsjamke, „yn 'e fjouwer woe 't oars sa aerrich seiste, honear det mar net sok great lân wêzen hie, hiest' him der wol yn fjouwer dagen ôfkrige, lyk ast' sels seiste."

„Ja fanke do woe 't yet hwet, do wie de groun folle liniger, mar dy is nou sa hîrd as in bonke; 't is in klear stik elinde." En wylst sjucht er lytse Willemke meilijend oan, det herteke is nou forline Maeije al twa jier wurden en och hwet is 't in skroedsje, der sit gjin groei yn; och syn berntsjes hawwe it ek fiers to krap, fen hwet minne ierappels mei winkelsmoar kinne hja ek nea oanwinne. En de folwoechsene man stiet it gûlen neijer as it laitsjen.

„Krij ik net in tútsje fen deite?" healmûlet Willemke. „Hwet oars, myn famke?" is heite biskie, mar wilens hy hjar patte, miende Tsjamke in trien yn syn each glinsterjen to sjen.

„Och kom jonge," bimoedigt se, „hâld de holle der foar, wy hawwe togearre al sa'n bulte stoarrens trochstien, wy hoopje it mei Gods help ek fierder to skouwen, net wier? En as Germ great is, scil er heit ek tige bystean ent jonge?"

„Ja mem, wie 'k ek mar great!" en Germe eagen glânsge, hy wit yet net hofolle der oan forboun is om in goed arbeider to wurden, en hwet for 'n lêsten it libben him op 'e skouders lizze scil.

„Nou en sjuch ris Hotse," bigjint mem wer, „ik haw

hjiir in waerm bakje kofje for dy en in pear krentebroad-sjes, dy scille dy goeddwaen, mûglik wol it den strak ek wer hwet better; kinst op 't lêst net in pounsmiet dwaen, den moatst' mei trije fean ophâlde, den hast' ommers ek yet in goed deihier."

Efkes giet Hotze sitten, ja det smakket, hear! syn mûle waerd al tige droech, mar hy doarst net mear as krekt sa'n útrekkene part fen syn kofje opdrinke, oars bleau der neat oer for it jounset, lykwols nou . . . en mei tankbrens sjucht er syn bleek wyfke oan. „Ik bin dôchs bliid detst' wer safolle opfleureste, detst hjir ris by my komme kinste," sa jowt er oan de fieling fen syn herte útring.

Nei in toarntsje skout Tsjamke wer mei de berneweien der op ôf en stiet Hotse wer foar 't swé.

„Deite, deite!" kracit lytse Willemke yet as hja al troch de daem binne.

Hotse sjucht op, glimket efkes en swaeit mei de pet. Yetris wiuwt Willemke mei hjar meagere earmkes „deite" ôfskie ta.

En de stive, krûme arbeider set syn stompe seine wer mei nije moed yn 't wer slap delhingende gers . . .

A. WIJBENGA.

Davids kleiliet.

O God, ús eale Lânhear,
Greatmachtich sûnder ein,
Ho binn' de helten fâllen
En op Jou hichten slein!

Nin minske mei forkûndsje
Ho d' ûnbisniene it wo'n;
O bring 't net op 'e strjitten
Fen Gath en Askelon!

O bergen fen Gilboa
Op jimm' gjin dau noch rein,
Gjin offer for jimm' risping,
Bliuw' deadsk, fen elk forspein!

Op jimm' is 't skyld der helten
Unteard wâdde yn 'e groun,
De glâns fen Isrels Kening
Yn 't slyk fortiesd, fordwoun!

Ho wis skeat 's Prinsen bôge!
— Hwa dych it Joan'than nei? —
Sauls swird sloech rake slaggen,
Mar nou is alles wei.

De Kening mei syn soannen
Aloan op 't selde paed,
Dy ljeafliken yn 't libben
Binne yn 'e dea net skaet.

Hja gyngen yn it fjuchtsjen
Rêd, mear as d' earnen d'r oer,
En sterker wierne' hj' as liuwen,
En as it kriichshoars stoer.

Skriem lûd, gûl om jimm' Kening
Jimm' Isrels famnebera!
O gjalp it út fen leedzjen;
Ho is de kroan forlern!

Ho binn de helten tomle,
Yn 't striden hingjen bleaun;
O Jonathan is delslein,
Ik mis myn hertefrjeon.

't Is my binypt fen binnen,
O Keningssoan, myn broer,
Jo wierne my sa ljeaflik
Mear as de frouljue djûr!

Ho binn de helten fâllen,
It wapenris forlern!
O God, lit me yn dit neare
Jou ljocht as útkomst sjen!

A. WYBENGA.

Hwent lyk as de blommen
 En bledden, nei 't kommen
 Sa gau wer forgean',
 Sa moat' we fen de ierde
 Ek ringen faek skiede;
 Ho scil 't mei ús stean?

O. S. AKKERMANN.

In lytse Luiichheit is in great Fortriet.

„My tinkt”, sei Beits tsjin Rymren
 Dy dampeal wirdt sa min
 Der moat in oare komme
 En ljeafst sa gau as 't kin!”

Mar Rymren sei: „Us finne
 Hoecht noait in minske oars oer;
 'k Woe ha, det driuwt sa hird net,
 Dû bist to gau oerstjûr.”

En Beits wer: „mar dû sjuchst wol
 't Giet dôchs net op 'n dûr;
 Det rottich pealtsje smakket
 Meikoarten dy yet sûr.

Hwet scoe 't gedrael bitsjutte?
 Wy ha de peallen rom.
 Set dêr dôchs gau in oaren
 Den gietst' der feilich om!”

„Goed 'k scil mei 't gauwens dwaen, mar
 Hjoed kin 'k der net mei stean,
 En 'k scil my wol hwet meije
 Mei 't om 'e hikke gean.”

Sa bleau de saek by 't scillen
 En wie d' âld peal ek min,
 De man tocht: 'k lit elk pealtsje
 Ljeafst stean sa lang as 't kin.

Mar op in moarn det Rymren
 Nei 't sipeltúntsje scoe
 Bimirk er det der ien fen
 Syn skiepkes lamje woe.

't Bist laei op 't wetterwâltsje,
 Hèn, al in lamke glied
 Yn 't lege del, hwet rekke
 Us Rymren fen 'e tried!

„O Beits!” sa skreaude er, „kom dôch!
 't Skiep lammet!” Glêd oeral
 Mei lange stappen trêdde
 't Genierke nei 't gefal.

Hy tinkt nou by de hikke
 Om 't laem en oars om neat,
 Knap! seit d' âld peal, dêr brekt er,
 Pof! Rymren yn 'e sleat!

„Help! help!” skreauwt lûd de baeijer
 Tomids yn flach en dril:
 „O hwet to dwaen?” skriemt Beitske,
 „O ho 't dit komme scil!”

Nou, Rymren kryg' mei gauwens
 Syn foetten ûnder 't liif,
 En skarle wer op 't droege
 Trou holpen fen syn wiif.

Dêr stiet er op 'e wâl wer,
 Hwet seach er toar en smel,
 En och, hwet switte it mantsje
 't Roan him by alles del!

En mei de wiete krous oan
 Gyng 't nou op 't skiepke ta,
 Kwêds, kwêds, sei elke foetstap,
 En 't wiif skrobbeare sa!

En do 't it skiep yn 't hok wie,
 Wist hy him hast gjin rie,
 „Nou,” balt Beits, „koest' ris preauwe
 Ho wier myn sizzen wie.

Sa komt in bytsje luijens
 Op great fortriet to stean!”
 En der koe 't lytse mantsje
 Mei ûnd'r 'e tekkens gean.

A. WYBENGA.

It sjongende Skoenmakkerke.

In rymstik.

It wier foar inkle jierren hinne,
 Det net sa fier fen Ljouwert fendinne,
 In lyts, earmoedich wentsje stie;
 De man, dy der syn thúskomst hie,
 Moast wrotte for syn stikje brea,
 Mar lokkich hie er sounle.
 Syn hammer kloppe al ierbitiid,
 Syn rappe hân brûkte els en tried,
 't Geskrep mei âlde en nije skoene,
 Wier 't wirk, der hy de kost mei woun:
 In earlik, goddelik birop,
 Al sjucht men 'r ek faek net heech by op.
 'k Leau, det baes Pik 't sa ek forstie,
 Dêrom, det hy sa skripsum wier.
 Faek seach hy blier syn wyfke oan
 En sei den op in tankbre toan:
 „Hwet soarget God dochs goed for ús:
 Wy hawwe hjir in eigen thúsh,
 Wy hawwe klacjng en goed iten,
 Wy wirde fen gjin ien forbiten;
 Ja, boppe bea en boppe tinken,
 Wol God ús dei op dei biskinke
 Mei mear dan 't noadge ierdske diel,
 Hy jowt ús part ek for ús siel.
 Hwet moasten wij mear tankber wêze
 En 't Wird fen God mei oandacht lêze!”
 Wier 't wûnder, det ús fromme man
 De dei nea sûnder bea bigoun?
 En det hy tankber, ûnbitwongen
 By 't wirk it heechste liet koe sjonge?

Sok sjongen jowt in minske moed.
 Hja rint nei Jan en pattet him,
 En lústert mei oandiene stim :
 It sprekward seit net to forgees :
 „Skoenmakker, hâld dy by dyn leest.“

HATTUM.

J. P. FENNEMA.

Alear en Nou.

Hjir, oan d' igge fen Germanje
 Yn it lân fen rein en wyn,
 Dêr 't faek Noarman skoert en bilet
 Setten, — 't is al tiden lyn ! —
 Yn de bosken, by de poellen
 Hjar alear de Friezen del ;
 't Folk wie rûch yn wird en oansjen
 En syn lân ien great struwel
 Tsjuster, lyk as jamk de wolkems
 Dy 't hjir swiere oan 't himmelwiid
 Leit ús 't kommen fen ús foarfaer
 Yn dy âlde, grize tiid.
 Rou fen seden, as de boaijem
 Dêr 't de Fryske wente op stie
 Tsjinne hy de wylde goaden
 Dy 't forbylding úttocht hie.
 Yn syn wâlden, op syn terpen
 Ljuente er fen Alfaders macht,
 Songen skâlden Wodans gloarje
 Spilen fen syn tongerpracht.
 As de swarte wolkems swaeilen
 Mei in wylde swang yn 't roun,
 Den ried Wodan troch de loft
 Smiet syn wearljocht nei de groun !
 As yn 't foarjier 't sudewyntsje
 Tearkjend rjeaunte oer 't marrewiid,
 Ljurkjes songen, blomkes geurren :
 Den wie 't Frija's bloeiseltiid !
 As de ûnforfearde kriichsman
 Deldroane op it fjild fen ear

Waerd er opnomd fen Walkyren
Wie 't Walhalla for him klear.

* *
*

Mylder tiden komme harren
Mei it fredich Kristendom
En 't Walhalla moat fordampje
En de goaden truzelje om.
't Jowt neat, as de Fries mei dregens
Him oan 't âlde leauwen hâldt
't Jowt neat, as er Bonefaesjus
Moardzjend slacht by Moarrenwâld :
Lyk de boaijem, dy 't mei skrippen
Omset wirdt ta fruchtber lân
Ek sa bringt it krús fen Kristus
Hjir in herteomsetting oan.

* *
*

Fâlt ús each op letter ieuwen :
Bliere glâns en donker skaed
Ljocht en tsjuster frjemd formongen
Krinklet oer der Friezen paed :
Frede troch it bloed fen Kristus
Makket mannich herte frij,
Mar dy frijens wirdt oan 't tsjoer lein
Fen de Roamske útfynderij.
Unrêst, kriich en boargerstriden
Bûkje, heistrje skok by skok,
Skiergers en Fetkeapers fjuchtsje
Mei in ûnforsetbre wrok.
't Hûs, det tsjin himsels fordiel is
Tûmelt, sakket as in stien,
En de Sakser ploaitst ús geaën
't Is mei d' âlde frijdom dien.

* *
*

Nije glâns komt op 'e ljochter
't Heil, det sa ynlokkich is :
Sillich, dy 't de Heare tsjinnet
Bûten bycht en oalje en mis.
Spanje striidt yn boun mei Rome
Nassau komt op Fryske groun,
Elk goe-Fries wit hwa 't „Us Heit” is

Fielt him oan Oranje boun.
Nijer tiid jowt nijer geasten
Tinkers rjucht en sikers skean,
Nije dwalings, âlde ôfwikings
Optoaid mei „moderne” klean.

* *
*

As de struse winter weiwykt,
't Ljurkje boppe ús greiden lofsjongt,
Maitiid 't fjild oerklaid, biblomket :
Den is 't libben bloeijend, fleurich !
Foar de útspraette feintegeaste
Wolkemt op in byld fol keinens,
Gouden lokken om hjar holle,
En yn d' eagen gloed fen minne ;
Yn it silvren stjirreflonkrjen,
Yn 'e gouden moarntiidsdage,
Yn 'e poarpren jounloftssinne
Bloeit hj' yn wûnderswiete ljochtglans !
Adam seach de skepslen ljeavjen
Mar net ien, dy 't him binêstkaem,
En syn hert frege om in helpe
Him net lyk, mar dôchs him lykjend,
En syn hert frege om de wille
Dy 't hy wist to jaen gjin namme :
God skoep Eva en syn langstne
Wie delbêdde, wie to'n ein komd !
En oeral hwêr 't minskeberntsjes
Doarmen oer Gods kwierich ierdryk
Founen sy it lok, de wille
Yn twa herten, prûs foriene.
Hwet in weelde is wiere minne
D' iene yn d' oare oerhearlik ryk,
't Is altyd sa, 't wier *alear* sa
En 'tis *nou* yet krektolyk !

* *
*

Do 't de minsk yn 't Paradys stie
Mei de reinheitsglanse omstriele,
Wie syn libben inkeld moaijens
Neat as lofsang foar syn Skepper !
Mar hy foel yn 't slyk der sûnde,
En sont is syn libjen stjerren

En syn rêst yn ûnrêst omslein
 En de flok snijt him yn 't herte!
 Al det lijen, al dy triennen
 Dy 't der út ús eagen syplje,
 Al det fjuchtsjen, bloedskansearjen
 Is 't gefolch fen 's minskdoms kweadwaen;
 Jimmer klage in lûd fen lijen
 Op nei 't blau forwulft hjirboppe
 Jimmer wâlet yn 'e herten
 Langstme nei it weiteine Eden!
 Jimmer brûsket yn it herte
 't Sûndekwea yn draeiske brânning,
 Yn ús opstân leit ús fallen
 Yn ús greatskens is ús lytsens;
 't Unrjucht graeit oant 's ierdryks iggen
 En de Kweade bringt syn hel hjir
 En de sûnde mei hjar lokjes,
 Lit ús gâlde en alsem drinke!
 Né, it jowt de siel gjin frede,
 Al 't foarútgean fen ús tiden,
 Wirdt it sân ek fruchtber boulân,
 Fljucht de stoamguds troch de fjilden,
 Sjucht ús each miljoenen wrâlden
 Mei 't forgreatsjend glês oan 't blauwe,
 Mei de minsk troch 't loftrom sile
 Mei er siikje op sêeboaijem;
 Né, by al 't natuertrochkrusen
 't Herte fynt mar gjin ûntwyk,
 't Wie alear sa; ha wy 't better?
 Is it nou net krektolyk?

* *

Oan 't fen God forflokke krúshout,
 Ta in spot fen Joad en Heiden
 Spykre 't folk syn ivge Kening
 Him dy 't rein wie, suver heilich!
 Mar ho 't Him de pine ek netle
 Oer syn lippen glied gjin kleiwird
 't Laem Gods, det ús sûnden weinimt,
 Bidde roerend for Syn moardners.
 't Wie de swierte fen ús sûnden,
 Dy 't Him djip yn 't lijen deltreau;
 't Bloed, det út Syn wounen dripte

Makket skien ús for ús Skepper.
 Golgotha seach 't nearste lijen,
 Seach de Soan fen God forlitten,
 Golgotha is 't greatste ljochtpunt
 For de minske, dy 't dêr knibbelt

* *

Tsjûgen fen it wiere Libben
 Det wer opstie út de deaden
 En nou ivich hearlik glânsget,
 Roppe Joad en Heiden 't heil ta.
 By al 't striden: „frede op ierde!”
 By al 't tergjend Godforjitten:
 „Yn de minsk Gods wolbihagen;
 Eare oan God, Dy 't ús Syn Soan joech!”
 Ider, dy 't nei 't libben longert,
 Ider, dy 't by Kristus skûlet
 Fielt, det Dy him sielespize is
 En 't by Him sa smout en skoan is.
 En sa klonk it troch al d' ieuwen,
 En sa dreau 't al fierder, wider:
 „God is oan Syn folk genadich.
 „Stjúrde hjar Syn Ienichberne!”
 Alle smerte wirdt forsêfte,
 Alle hûngrjen ryklik sêdde
 En it ivich sillich libben
 Wachtet oan Gods folk hjirneimuls!
 Dê is wille for it herte
 D' earne sûndaer frij en ryk,
 God to ljeavjen is it libben
 En Gods trouwe bliuwt allyk;
 Trilje, riizje, bliere lofsang!
 Kristus jok is wûndre skoan,
 Frede troch it bloed des Kruses,
 Frede yn 't lijen fen Gods Soan!

* *

Baernend fen forwoede grime
 Det syn tsjinder him ûntrokt waerd
 Brocht de Satan al syn wapens,
 Tsjin 't forloste folk to fjilde.
 Spot en hûnjen, flok en laster,
 Fjûr en wetter, swird en galge,

Sloegen heislik 's Hearen tsjinders!
 't Is fen God, det wy yet steane.
 't Bibelboek, ho faek yn fjûr goaid
 Is yet noait yn flammen opgien,
 En ho slim for fabel útskeld,
 Is yet fleurich, libbend, krêftich.
 't Scil de fijan noait net lokke
 Om Gods bern 't geloaf t' ûntnimmen,
 Wirdt ek sims hjar each oerflueze,
 Swarte wolkems moatt' fordampje.
 Jezus' wird jowt rike treaste,
 En det tawird scil gjin krimp jaen — :
 „Ik bleau by jim, jimm' gelove
 Scil de hiele wrâld oerwinne.“

A. M. WYBENGA.

Selskipsnijs.

Oant nou ta giet it mar skoan mei ús Selskip. Wy moatte tankber wêze. Yn koarte jierren roun it tal meidoggers op ta sa'n tûsend. It tiidskrift is by mannichien in húsfrjeon wurden. Wy hawwe forskate krite yn Fryslân en nou is de Makkumer krite „Oan 'e Séwâl' der by komd. Hja is Tongersdei de 12de fen Hjerstmoanne oprjuchte. It bistjûr bistiet út: O. Politiek, foarsitter, J. Holwerda, skriuwer, W. van der Veen, skathâlder, P. de Boer Sr. en Joh. Salverda, bysitters. De skriuwer seit wol: „Us krite scil net sa heech fleane, tink ik, hwent greate krêften skûlje hjir net oan 'e séwâl, tominsten net hwet it Frysk oangiet“, mar dit kin wolris tafalle; it bart mear det as der earst in stjit jown wirdt, slomjende krêften wekker skodde wurde. Wy roppe de krite yn elts gefal fen herten it wolkom ta en hoopje det hja yn Makkum in drege stipe wêze mei for Friezene aerd en Fryske tael. De krite oan 'e theologiske skoalle to Grand Rapids sit nou ek goed fêst yn 't seal. Hearenfean kriget in sjongkoar en ek den Haech. Moai sa! De Fryske sang moat ek foarút. Ek yn Fryske klanken heart de lof des Hearen songen to wurden.

Oan 'e Krite. Alle krite, sa wol yn as bûten Fryslân, dy-'t hjar kriteforslach oer 1911/1912 fen it foarjier ynstjûrd hawwe, krije tastjûrd for de krite-boekerij in ynboun exemplaer fen ús tiidskrift jiergong 3. Dit is neffens it bislút fen ús tredde algemiene gearkomste (5 Juni 1911).

Oan 'e kriteskathâlders. De rekkenopnimmers seine op 'e lêste algemiene gearkomste yn hjar forslach, dat de kriteskathâlders net al to folle hâlders wêze moasten fen it jinge hja hearden oer to dragen oan 'e selskipsskathâlder. Us skathâlder, de hear H. M. Tromp, Grytman fen Wymbritseradiel to Snits, fynt it net forkeard, as dit noch ris troch ús tiidskrift hûsriem makke wirdt.

Oan 'e leden. De ynlagen fen 'e leden, dy-'t binefter wierne mei biteljen, binne sa njonkelytsen ynkomd. Mei it ynfoarderjen fen de ynlagen oer dit jier woe de skathâlder nou net to hastich wêze. Dat to dwaen yn it lêste fen dit jier kaem him it bêst foar.

G. KAMERLING, Skriuwer.

De wyn lit him net yn in fisknet fange.

(Jan Ploeger neiskreaun.)

Ytlike minsken rinne mei skermnantsjes en helje hjar de healwiiste dingen yn 'e plasse. Hja prate oer it regearjen fen 't lân, as scoe det like maklik gean as in kliber stomme bisten to hoedzjen, en haffelje oer it forbetterjen fen de steatsaken as wie de wrâld in stikje pompier, dêr 't sa mar mantsjes en wiifkes út to knippen binne. Dy 't fen dit daei gearknypt binne, hâlde hjarselme for de djijsinnichste tinkers, towylst hja net mear djipte hawwe den in platte pânne. It is in bidrukt bytsje wittenskip, dat men gewaer wirdt by it trochljochtsjen fen sa'n wiisnoas. Syn holle is greaternôch, mar it protsje brein is sa ûnnoazele lyts. Praetsjes hat er net to min, mar it hat sa'n ûnnoazel bytsje om 'e hakken. 't Giet mei syn tonge lyk as mei in bargestirtsje: jimmer oan 'e tysk, sûnder detter hwet slein wirdt. Hy is de man, dy 't der ried op wit, de skatkiste fen 't lân fol to krijen, en dy 't

yn trije dagen twa apels forkeapet, hy wit de kinst fen 't boerkjen, en syn eigen twa ekers sitte fol fiter en ûngemak. Hwet mear plannen as er makket, hwet slimmer hy mei twa foetten yn ien hoas rekket. 't Giet him lyk as de bline man op 't bline hynsder, sleat út, sleat yn.

Sadré men op 'e Twizelerheide libbene pikelharringsen fangt, komt it goed mei sokken, en rôllet it goud hjar om de teannen. 't Hjit den: oant nou ta wierre it altyd tsjin, mar skielik den komt it! Takomm' jier bin se ryk, mar hja scoene bittere graech in ryksdaelder fen yen liene wolle, den krije wy in part mei yn 'e nije útfining om sûnder ploeijen ef siedzjen noat waechsje to litten.

As sokken goed op hjar dré binne, giet it hjarren lyk as Chang, de Chinees, dy 't sa yn 't sipelsop siet, det er útgalpte: „hjar is myn patleplu en hjar is myn pakje, mar hwêr bin ik sels?” Hy siket nei de fok, dy 't er op 'e noas hat, en towylst er skonk oer op syn ezel sit, freget er: „hwer mei myn ezel dôchs wêze?”

Der wirdt fen in troch learde baes forteld, det er syn horloazje yn 'e tsjettel dych, en op it aei omdikere om wiis to wurden, ef de fiif minuten hast om wierne; en do 't er ris op in jountiid ûnder in danige reinbui thús kaem, laei er syn patleplu op bêd en gyng sels yn 'e stander stean. Sa gyng it ek alris mei immen dy trouwe scoe, mar de dei fen 't trouwen troch 't sin gean liet en op de ôfspritsen tiid troch syn frjeon fen de studearkeamer ôfhelle waard, hwêr 't er oan 't birekkenjen wie ho 't men op 't hânsumst mei in loftskip nei de moanne farre koe. Sa kin it mei de dwers-troch-alles-hinne-learders gean, en men mei bliid wêze, det men net sa fol wysheit prompt wirdt, det it soun forstân der for op 'e rin giet.

Sokken, dy 't der trochgeans op út binne, de wyn yn in net fange to wollen, binne sa sêft as side en sa grien as gjêrs; mei det al miene hja, det hjar holle bûtenwenstige great is, en det is ek sa, as men de de earen mei mjit. Hy scil yetris hwet yn 't ljocht skoppe, dêr it hiele neiteam oer roppe scil, mar hwet det insliks wêze scil, dêr is er yet net alhielendal oer út 'e ried. Winsken en plannen by 'tskepnetsje-fol, mar it bin allegear knopkes, dêr 't nea in blom fen útbot, lit stean, det der in frucht efterwei komt. 't Giet him lyk as de hin, dy 't wol aeijen leit, mar der nea in pykje fen útbret. Tige fier rint ús goe' frjeon wei mei it ljocht fen 'e moanne, en den sjucht

er de skaeden for beammen en huzen oan. Hy swetst oer 'e bêstens fen syn plannen, wylst er net ienris gewaer wirdt, det in oar det net docht en him mei syn eigen wiisnoasichheid foar 't soaltsje hat. As er op syn houten hynsder sit, den rydt er ûren oanien, sûnder ien foet fen 't sté to kommen.

In learde baes fen det soarte woe ús lêsten wilseltsje, detter yn 'e Birgemerheide goud to finen wie, mar myn frjeun Willem de ierappelsilder lústere my ta: „Det is in liich mei in deksel en in seel.“ Ik leau, det Willem gelyk hie, mar ek det de wize man syn eigen útatselsels for wierheid hâlde; yet it minst hie ik it op him bigrepen, om 't er ús sparsintsjes der oan weagje woe, om mei syn net op 'e wynfangst út to gean.

Hwet binne der al in poarsje ûnnoazele ljue, dy 't der godstsjinstige tipelsinnichheden op neihâlde. Hja dogge noait neat, mar plannen hawwe se, lyk as nimmen foar hjar. Efkes birekkenje hja op 't pompier, det as sâfolle minsken elkmes ris in ryksdaelder joegen, sâfolle elkmes ris fiif goune, en sâfolle elkmes ris tsien, de tsjerke ef it hûs, det hjar forbylding hjar opjowt, sâ mar yn in om-sjuch klear wêze scoe. Dit allinne miskearret der mar oar, det al hjar greate wurden mar kwealik binnen in tsienstûrstik ta de bûse úthelje kinne, sadet as der in gebou komme moat, ljue mei hwet minder omballingen, mar dy 't de hânnen út de mouwe witte to stekken, de spillen gânsk better yn 'e es krije kinne. Trochstrings blykt yet by 't eintsjebislút, det hy, dy 't út in oarmanne bûse de ryksdaelders helje scoe, út syn eigen net ienris in dûbeltsje oerhat. Faeken is 't mar goed, det dy spillen, dy 't op pompier sa moai lykje, ek mar net fierder as 't pompier komme. Dêrby is 't in hopen oars net as om eigen eare to dwaen. De âldste soan fen ús skoalmeester hie al sokke bjusterbaerlike plannen om hjar sûkereiwortels op ús lânnen to bouwen, mar hy hie allinnich mar forgetten, det de East-Dongerdielster groun ta sa'n frucht net doocht, en 't waerden allegearre dingen as pypstâllen.

Alles moat nei omstânnichheden regele wurde, en as yens groun for nijichheden net geskikt is, moat men yen mar tofreden by de âlde soarten fen fruchten deljaen.

Nije biezems feije wol skjin, mar hwet se byelkoar himmelje is oars net folle as stof en smoargens. Men kin wol mei trijejierrige hynsders bigjinne to ploeijen, mar

âldere gudsen binne meastentiids hwet wisser. Beusich arrebeidzje en net al to folle plannen meitsje is de suverste wei om de saken yn lân en tsjerke sa foarút to helpen, det der in rispinge fen to wachtsjen is. In goed gernier wit sels út skriel lân yette in himmele frucht to heljen, mar it sprekt, det er den warber wêze moat, en der fen to witten heart om de hânnen út to stekken. Mocht soks mar mear sjoen wurde.

FETSE.

Boekskôging.

Ut it âlde laech, samle skriften fen T. E. Halbertsma dl. I, Teltsjes om 'e hird, mei in portret fen 'e skriuwer en in foarwird fen Pieter Jelles; dl. II, Rym en Onrym. Den Haech, N. V. Uitgeversmaatschappij „De Atlas.“

Do 't in foech 30 jier forlyn Tjalling Eeltjes, in leat út it ûnforbastere skaei fen Halbertsma, bisibbe oan ús Dokter-om syn plak ynnaem ûnder de Fryske skriuwers en dichters, forwachte men daelk in bulte fen him. Johan Winkler rôp him ta yn ien fen ús earste tiidskriften: „Nommele, eable Fries! Du, nije twiich út 'e âlde stamme! Wolkom om dyn namme, om dyn skaei! Wolkom om dyn wirk! Trijeris wolkom om it jinge dû yette folbringe seilste ta eare en rom fen ús memmespraek, ta siele-njue en bliere wille fen alle Goe'-Friezen.“ Dy forwachting is net biskamme. Derfen jowe dizze samle skriften, dy 't „De Atlas“ nei syn dea kreas en eptich útjoech, bliken. As wy dizze twa dieltsjes trochblêdzje moatte wy golwei sizze: Halbertsma bisjucht it Fryske libben en natuermoai mei in blier dichtereach, syn Frysk sparkelt ús tsjin yn ûnforhoalen glâns en de biis priket him, det er it útgeit fen 'e wille. Wol men in priuwke fen syn poëzije, den skriuwer ik it begjin ôf fen „Oan it Fryske Wâd“:

Ik siet oan 't iensum séstrân,
Yn tinken wei, allinne;
It sintsje doek nei 't nêst ta
En smiet syn poarp'ren strielen
Oer slink en banken binne;
Oer 't wetter, dat yn weachjes,
Sa prûs en boartlik, oankaem;
Dat brúzend' rôlle en wâlde,
Him jowend nei de machten
Yn sé en loft biskûle;
Oer 't blinkend dûn dêr jinsen

Fen Skiermontseach en Aemlân;
Oer 't mieuwke, sêftkens widzjend'
As 't blanke skom fen 't wetter;
Oer 't wite seil fen tsjalken,
Dy 't earst op de ebbe sliepten,
Allyk as dozdjende eintsjes;
Mar, fen 'e floed biritsen,
Hjar blanke wjukken spraetten
En silvren foergen makken,
Der 't hja hjar wei namen lâns

Dat is goed waernomd en wy flele en sjugge it by it lêzen nei. Mei niget jowe wy it wirk fen Halbertsma plak yn ús boekekast en nimme ús foar it yette faek yn hannen to nimmen om der ús hert oan op to heljen en fieling to krijen oan hwet der libbet en stribbet yn it âlde laech fen ús Friezenfolk.

W.